Ljouwert

Amendemint FNP Ljouwert oangeande karbydsjitten (behandelvoorstel 6e wijziging van de APV Leeuwarden) by de beslútfoarming 1 desimber 2021.

De gemeenteried fan Ljouwert byinoar yn de riedsgearkomste fan 1 desimber 2022.

Yn berie nimmende dat:

- Karbydsjitten benammen op it plattelân in ieuwenâlde tradysje is.
- It opnimmen as feroardering yn de APV absolút in goeie saak is.
- Alle Fryske gemeenten de regels oangeande karbydsjitten net unifoarm hantearje.
- Net alle karbydploegen/ferieningen belutsen binne by it opstellen fan de nije regeljouwing, dejinge dy wol frege binne kinne harren der net allegearre yn fine.
- De ôfrûne jierren by it karbydsjitten al in BOCK (Bewust Oplettende Carbid Knaller) ferplichte is en dêr goed mei omgien wurdt.
- De karbydsjittiid troch de gemeente Ljouwert werom te bringen fan 02.00 oere nachts nei 18.00 jûns sa as omkreun yn artikel 2:73a punt 3b fan de APV wol hiel grut is.
- It karbydsjitterrein ferljochtsje nei sinne-ûndergong sa as omskreaun yn artikel 2:73 3i fan de APV net realistysk is en troch ús sjoen wurdt as ûntmoedigingsbelied.

Beslút:

1. De 6e wijziging van de APV Leeuwarden vast te stellen met een gewijzigd art. 2:73a, lid 3, sub b.
   Art. 2:73a, lid 3, sub b. als volgt vast te stellen
   Het carbidschieten vindt plaats op 31 december tussen 10.00 uur en 22.00uur.
2. De 6e wijziging van de APV Leeuwarden vast te stellen zonder art. 2:73a, lid 3, sub i

FNP Fraksje Ljouwert,
Jan-Willem Tuininga